



# De Doarpskille

Septimber

172

Nûmer 4/ 2015

Fifentritichste Jiergong

## Redaksje:

Baudy Cuperus-Sijtsma  
Grienewei 34  
Tel. 242048  
[baudycuperus@knid.nl](mailto:baudycuperus@knid.nl)

Dieta Holwerda  
(Lay-out)  
Langgrousterwei 12  
Tel. 242212  
[dieta@knid.nl](mailto:dieta@knid.nl)

Pieter Hoogland  
De Lyts Ein 37  
Tel. 241284  
[info@hooglandverhuur.nl](mailto:info@hooglandverhuur.nl)

Tineke Slager–Groenewoud  
(Administraasje)  
De Lyts Ein 2  
Tel. 242020  
[doarpskille@hotmail.com](mailto:doarpskille@hotmail.com)

Anneke Weidenaar-  
Bergema  
(Boargerlike Stân)  
Langgrousterwei 23  
Tel. 242148  
[anneke.weidenaar@gmail.com](mailto:anneke.weidenaar@gmail.com)

Bankrek. nr.  
NL32 RABO 03461.40.293

## Yn dizze skille û.o.:

Ferslaggen fan: Brassband UDI,  
De Bernejister  
50 jier Ropta Boys  
Buurtenvolleybaltoernooi

In oprop fan: Knutselclub  
De Bûnte Flinters  
Nifelclub

Kerk in de Steigers  
As de hoanne op 'e toer ris prate koe....  
De Wjukken útslaan, Hoe is it no mei ....  
en fansels de feste rubriken.

## Fan 'e redaksje

### **Doarpsgenoaten,**

Foar jim leit de Skille fan septimber, de simmerfekânsje is foarby en alles komt wêr wat op gong. De ferieningen yn ús doarp sette út ein, yn't bysûnder neame we fuotbalferiening RoptaBoys dy't krekt harren 50 jierrig jubileum fiert hat mei in grut feest. Yn dizze Skille lêze jim d'r mear oer.

Guon bin al dwaande mei de tariedingen foar it doarpsfeest fan oar jier, sa freget de Bûnte Flinters jim help. -->


En as hoanne op in tsjerketoer kin je ek fan alles belibje, sa wurde je trocht fremde hannen fan je fêste plak ôfhelle en reizigje fan de iene nei de oare. Dan bin je bliid as je wêr op je âlde fertroude plakje stean en it útsicht en oersjoch ha wêr't je bekend mei bin.

Wy winskje jim in protte lêswille ta en at jim ek ris wat belibje, diel it dan mei de lêzers fan de Skille. Jim bydragen binne altyd fan herte wolkom!

Tsg

## **Knutselclub**

---



Beste ouders, jongens en meisjes,

We willen dit jaar wel met een nieuw knutsel programma komen, maar we hebben helaas bijna geen vrijwilligers meer.

De woensdagmiddag was altijd een mooie knutsel-middag, maar er zijn al veel andere activiteiten, o.a. de gymnastiek, waardoor de knutselclub de laatste tijd slecht bezocht werd.

Wat we eigenlijk willen weten is, wie tijd en zin heeft om één knutselmiddag in het komende seizoen te geven.

Wie wil bijvoorbeeld een dropping organiseren of wie kan zeepkettingen maken voor een bepaalde leeftijd of alleen voor jongens.

Misschien een dansmiddag voor de kleintjes.

Ideëen zijn er, maar nu nog de vrijwilligers.

Suggesties of vrijwilligers kunnen zich melden bij Christina Douma :  
[c.s.douma@knid.nl](mailto:c.s.douma@knid.nl)

Bij weinig of geen reactie's zijn we genoodzaakt met de knutselclub te stoppen. Dit zou toch jammer zijn!!!!

Met vriendelijke groeten het knutsel bestuur  
Christina, Jannie en Jetty



Toanielferienting

*De Bûnte Flinters*

## **De Bûnte Flinters siket help**

Nei ús “sabbatical” jier binne wy fan doel om it kommende jier wer in stik foar jim op te fieren.

Sa as it no liket, dogge wy dat mei it doarpsfeest 2016 yn de feesttinte op tongersdeitejûn. Mar om’t we it graach wat grutter opsette wolle as oars, freegje wy om:

### **Toanielspilars of minsken dy’t graach nochris toaniel spylje wolle.**

Sawol mânlju as froulju binne wolkom!

Mar we sykje ek minsken dy’t efter de skermen it ien en oar dwaan wolle, sa as:

- meibouwe oan it dekôr
- opbouwe as ôfbrekke fan it dekôr (beide mei ek)
- froulju dy’t helpe wolle mei it útsykjen fan de klean
- minsken dy’t spilars helpe wilens de ûtfiering (omklaaien, klearsette fan attributen ensafuorthinne)
- alle oare foarkommende saken

As jim ynteresse ha, kinne jim kontakt opnimme mei Natasja, tel. 0519-241777 as e-mail: [j.wagenaar02@knid.nl](mailto:j.wagenaar02@knid.nl)

Minsken meldt jim gau oan en dan meitsje we d’r mei syn allen wat moais fan!

Tige tank!

*De Bûnte Flinters*



# Brassband UDI

Sa at jo yn de lêste Skille lêze koene hienen wy it foar de fakânsje noch drok mei in soad dingen. Op snein 28 juny ha wy de hiele dei yn Ljouwert west. Hjir hawwe wy ús meiwurking ferlient oan de Summerschool fan Solibrass. In oantal dirigenten (út meardere lannen) hawwe ús dy dei dirigeert. Sy moasten op ús oefenje en kriigen dêrby tips fan Allan Withington. It wie in moaie dei en wy ha der in soad fan leart. Op tiisdei 30 juny ha wy it seizoen mei elkoar ôflúten. Mar echt foarby wie it seizoen noch net. Want pas op tongersdei 2 july koenen wy elkoar echt in noflikke fakânsje winskje. Op dizze moaie tongersdei te jûn sieten wy tegearre mei Solibrass op it Waagplein yn Ljouwert. We ha hjir self ien stik spyle, Solibrass hat meardere stikken spyle en dêrnei mochten wy tegearre mei Solibrass noch in stik spylje. It wie in hiele moaie jûn wêr at wy fan genoaten ha. Dêrnei mochten de toeters echt yn de koffer. Mar al te lang stilsitte koe natuerlik net. Op mandei 17 en tiisdei 18 augustus stiene wy by jo foar de doar mei de jierlikse UDI-koeken. It ferkeapjen gie at it slytjage, sa wy hoeden de tredde dei netiens mear oan it ferkeapjen/sútelnjen. Wy wolle jo tige tanke foar de koeken dy't jo kocht hawwe, wy hoopje dat de koeken goed smakke ha! In wike letter, 25 augustus, wie it alwer tiid foar de earste repetysje. Der moast wat gebeure want op 5 september mochten wy yn Dokkum spyle by de Admiraliteitsdagen. Wat wie dat in feest! Om sân oere sieten wy by de Weagh klear foar in lyts konsert. De waargoden sieten ús mei, want nei in hiele dei rein wie it droech doe't wy spylje moasten. Der wienen in soad minsken en de sfeer wie goed. Nei dat konsert binne wy fluch nei in boatsje set. Wy mochten de hiele jûn yn dat boatsje sitte en hienen hjirwei geweldich útsicht op it podium. Mei in korps fan 450 minsken, ferdielt oer it podium en de boatsjes hawwe wy in oantal stikken spyle. Wy ha der in hiele geselliche jûn fan makke en wy ha UDI mar wer goed op de kaart set. Dizze jûn hat ús nammentlik in nij lid oplevere. Doriene van der Meulen woe wol graach by UDI spyljen komme. No dat moat altiid kinne. We hawwe yn ús besetting wat oan it skowen west. Jeldert Okkema is in plakje opskowt en sit no op de

twadde kornet. Doriene hat har te plak set by de tredde kornetten. En no moatte wy oan de bak foar it NBK. De Nederlânske Brassband Kampioenskippen. Op 17 en 18 oktober sille wy op studzjewykein, dêrnei komt it NBK tichtby. Op freed 30 oktober kinne jo ús fyne yn Gorredyk. Dit wurdt ús earste try-out foar it NBK. In wike letter, freed 6 novimber sitte we yn Birdaard. Op freed 13 novimber sit it heve. Wy gean dan mei elkoar yn de bus richting Utert. Wy hoopje, krekt as flyne jier, op it NBK wer in moaie prestaasje del te setten. Hâldt ús facebook en ús webside yn de gaten foar mear nijs!

Rinskje



VERENIGING  
VOOR DORPSBELANGEN  
OOSTERNIJKERK

Bij ons als bestuur van het dorpsbelang leeft al een paar jaar de wens om het aanzicht van de vaart aan de Fiver eens op te knappen en de tuin voor het dorps huis te verfraaien. We hebben daarom twee jaar geleden eens bij het bestuur van het dorps huis geïnformeerd naar hun wensen. Het bestuur van het dorps huis had toen nog helemaal geen mogelijkheden hiervoor. Zij moesten nog bouwkundige maatregelen nemen om aan de regelgeving van de brandweer tegemoet te komen en de keuken moest ook hoognodig aangepakt.

We zijn inmiddels een paar jaar verder en de gesprekken zijn opnieuw hervat. We hebben onze wensen met elkaar gedeeld en hadden gezamenlijk de wens tot het opknappen van het aanzicht van de vaart, de tuin en het terras van ons dorps huis. Zo hebben we ook eens kritisch naar de kruising voor en de ruimte rond het dorps huis gekeken. Van daaruit hebben we voorzichtig plannen gemaakt voor een plein voor het dorps huis. We zouden deze ruimte nl. graag inrichten als dorpsplein, zodat we dit plein kunnen betrekken bij activiteiten in ons dorp. We komen hier binnenkort bij u op terug. We willen u / jullie als inwoners namelijk graag betrekken in de planvorming van het plein.

Ondertussen onderzoeken wij, als dorpsbelang, samen met het bestuur van de Terp de mogelijkheden om deze plannen te financieren.

Dieta Holwerda, Dorpsbelang.

## **KERK IN DE STEIGERS**

Het kan je eigenlijk niet ontgaan zijn: de kerk aan 'Langgrou' staat in de steigers. Van verre zijn de steigers om de toren te zien. De haan steekt nog net zijn kop er boventuit. Eigenwijs, zoals hanen zijn; alsof hij er niets mee te maken wil hebben. Die steigers zijn nodig omdat er onderhoud gepleegd moet worden. De stormen van de afgelopen jaren hebben flink aan de toren getrokken. Hier en daar raakte iets los en soms kwam er iets bij de burens in de tuin. Dat kan niet de bedoeling zijn, dus is er werk aan de winkel... euh... kerk.

Heeft dat nog zin, zo kun je je afvragen. Heeft het nog zin om de kerk in de steigers te zetten. De kerk, dat is toch een aflopende zaak? Daar ben ik het (uiteraard) niet mee eens. Ik denk zelfs dat de kerk toekomst heeft wanneer ze continu in de steigers staat. Steigers betekenen dat er aan de kerk gewerkt wordt. Dat men bezig is de kerk bij de tijd te houden. Waar steigers ontbreken komt het verval op den duur in zicht. En dan, ja dán wordt het een aflopende zaak.



Kerk in de steigers wil zeggen dat we niet bij de pakken neerzitten. Dat we ons niet overgeven aan de stormen van de tijd. Geen speelbal willen worden van de wind die alle kanten op waait. Kerk in de steigers zegt: we kijken vooruit. We geloven in haar toekomst.

Ongetwijfeld zullen er dan dingen veranderen. Dat is ook logisch. Bij het oude laten kan niet, want dat is immers gaan scheuren en losraken. Tijden veranderen en daar hoort de kerk in mee te gaan. Tegelijk moeten we wel een beetje anders blijven. We zijn natuurlijk wel een kerk! En daar past bij dat ze haar kleur bekent. Ik zou er daarom voor willen pleiten om de toren een kleurtje te geven. Rood of zo. Of paars. Of knalgeel. Om aan te geven dat de kerk in de hedendaagse veelheid van kleuren een eigen kleur heeft. Een kleur die gezien mag worden.

En nu ze toch in de steigers staat...

Ds. Geert van Wieren



**Adem- & Ontspanningstherapie**  
**Methode Van Dixhoorn**

Een bijzondere therapie bij spanningsklachten

Kijk voor meer informatie op de website:

[www.praktijkopademkomen.nl](http://www.praktijkopademkomen.nl) of mail:

[info@praktijkopademkomen.nl](mailto:info@praktijkopademkomen.nl) of bel gerust:

Jantine Meinsma: 0519-589 920/06-2018 2360

## Buurten Volleybaltoernooi 2015

Het startschot van het traditionele buurten volleybal toernooi klonk dit jaar niet in juni, maar op woensdagavond 26 augustus. Buienradar voorspelde deze avond zware onweersbuien, maar in het beste geval zouden die pas later op de avond Oosternijkerk bereiken. De 15 teams begonnen in ieder geval “droog” de wedstrijden, enook de toeschouwers hoefden hun meegebrachte paraplu’s aan het begin van de avond gelukkig nog niet te gebruiken.



In 3 poules werd er sportief en fanatiek gestreden tussen de teams. Elke wedstrijd moest met winst worden afgerond, zodat vrijdag de wisselbeker mee naar huis kon worden genomen. En inderdaad hielden we het niet droog. De beloofde buien met onweer begonnen tijdens de laatste gespeelde wedstrijden. Er werd doorgespeeld, en net na de laatst wedstrijd barstte de bui in alle hevigheid los en was doorspelen niet meer mogelijk geweest. Maar vrijdagavond was het gewoon weer zomer en werd de draad weer opgepakt. Door het mooie weer was er ook meer publiek, die hun buurtgenoten flink aanmoedigden tijdens de wedstrijden. Ook was de catering van het dorpsbelang weer van de partij om elk die daar behoefte aan had te voorzien van koffie, thee, ander drankje of hapje. En dit hapje was een verrukkelijk broodje hamburger, die op geheel eigen wijze werd bereid door een van de



bestuursleden. Uiteindelijk stonden in de finale van de verliezersronde de beide teams van de Grienewei tegenover elkaar, wat door de Grienewei II met 24 tegen 22 punten werd gewonnen. De finale in de winnaarsronde werd gespeeld door het team van Lou Sanen I tegen de Buorren I, wat door de Buorren I werd gewonnen met 21 tegen 19 punten. Door het mooie weer bleef bijna iedereen nog gezellig op het sportveld nazitten en moest de catering nog flink aan de bak om de dorst van de sportlieden en supporters te stillen.

Hierbij willen we de deelnemers, de scheidsrechters en elk die dit evenement weer heeft doen slagen hartelijk bedanken.

### **Uitslag;**

Verliezersronde;	1e Grienewei II	2e Grienewei I
Winnaarsronde;	1e de Buorren I	2e Lou Sanen I

Janneke Themmen  
Dorpsbelang

---

## **Vooraankondiging Ladies Night**



Op vrijdag 13 november zal er in dorpshuis "de Terp" een Lady's night (avond) worden georganiseerd. Deze avond is uiteraard alleen bedoeld voor vrouwen en vrouwen in de dop.

Wij zijn druk bezig met de voorbereidingen en hopen u en jullie deze avond allemaal te verwelkomen.  
Tezijner tijd word(en) u/ jullie hier voor uitgenodigd.

Ladies, tot ziens op 13 november!



Peuterspeelzaal  
**De Berneijster**

Een verslag van de laatste ontwikkelingen bij de Berneijster. Voor de vakantie gingen beide groepen nog op "schoolreisje" naar de kinderboerderij in Dokkum. Het weer was heerlijk! Er werd dan ook volop gespeeld en genoten. Rond 12 uur waren de kinderen allemaal weer op school. Hier stonden de pannenkoeken klaar die door verschillende ouders waren gebakken. Nogmaals bedankt hiervoor!!



Juf Marjan werd nog bedankt voor haar stageperiode op "de Berneijster" en de kinderen kregen op hun beurt nog een leuk aandenken aan juf. We wensen juf Marjan dan ook veel succes bij haar verdere opleiding en stage in "de Waadwente".

Na de vakantie zijn de peuters bezig geweest met het thema dieren. Er zijn bijen en vlinders gemaakt en deze zweven door het lokaal. We leren wat voor beesten het zijn en wat voor nut ze hebben. Ook honden zullen er nog gemaakt worden. De peuters zullen hier de komende periode verder mee aan de slag, al met al wordt het één grote beestenboel!

U zult misschien iets gehoord hebben over de veranderingen voor de peuterspeelzalen. Per 1 januari 2017 valt het peuterspeelzaalwerk volledig onder de wet kinderopvang en daarmee moet het peuterspeelzaalwerk dan ook aan dezelfde kwaliteitseisen voldoen en op gelijke manier worden gefinancierd. Wellicht is een samenwerking met een derde partij in de toekomst daarom een goede optie voor het peuterspeelzaalwerk in Dongeradeel. De gemeente gaat dit de komende tijd samen met stichting peuterspeelzalen Dongeradeel onderzoeken.

Het huidige bestuur van de stichting peuterspeelzalen Dongeradeel blijft nog tot en met 31 december 2015 in functie als interim-bestuur. De gemeente Dongeradeel heeft besloten om meerdere partijen uit te nodigen voor inschrijving.

De coördinator en het bestuur van de stichting peuterspeelzalen Dongeradeel dragen bij aan de kaderstelling voor nieuwe partijen. De aanbesteding is gestart op 31 augustus 2015 en wordt eind oktober afgerond. Dan is ook bekend wie de nieuwe aanbieder wordt voor het peuterspeelzaalwerk.

Deze nieuwe aanbieder is dan vanaf 1 januari 2016 verantwoordelijk voor het peuterspeelzaalwerk.

Verder nog even het mobiele nummer van Juf Afke. Zij is hiermee even voor de school begint tot net na 11u te bereiken op het volgende nummer; 06- 29 52 54 78.

Kijk ook eens voor verslagen en foto's van de peuters op de website van de Bernejster. [www.foekesjoerds-pcbodongeradeel.nl](http://www.foekesjoerds-pcbodongeradeel.nl)  
Voor vragen kunt u altijd contact opnemen met juf Afke Jongeling, tel. 0519- 24 19 18 of 06-29 52 54 78

Wie eens eens een kijkje wil komen nemen bij de Bernejster is van harte welkom!!!

## Bakke jim al?

Wat wurdt der hjoed oan de dei wat ôfbakt en sean op de tillevyzje, fyn jim ek net? Elk praatprogramma hat hast syn eigen kok en der wurdt dan oan it begjin fan it programma even in praatsje mei hâlden, sa fan: wat silst hjoed wer foar lekkers foar ús klear meitsje? De kok fertelt der even wat oer en healweis of oan de ein fan it programma sitte de presentator en de gasten de klearmakke hearlikheden (dat fêst) op te iten. Miskien is dizze trend al wat minder wurden, ik sjoch net sa folle praatprogramma's, mar it hat in skofke sa west datst it hast oeral seachst. It stie my wat tsjin op in stuit. Ja wêrom krekt is dreech út te lizzen. It hat miskien wat te krijen mei de protte minsken dy deis net folle of hast neat te iten ha en dan sit se hjir foar de tillevyzje spesjale of spektakulêre gerjochten klear te meitsjen. Flean op, doch dat thús of yt soks yn in restaurant. Wêrom moat wy dêr nei sjen? Ik fyn it leau ik wat dekadint. Kinst it eins net meitsje sjoen de fierstente folle itensbanken dy 't der binne, ek yn ús lân. No wie it net de bedoeling om dit probleem hjir oan de kaak te stellen en dat dogge we dan ek net. D'r binne trouwens mear programma's dêr't sean en bakt wurdt. D'r is sels in stjoerder dêr't se allinnich mar iten siede of taarten bakke. 24kitchen hjit dy stjoerder. Ik sjoch der ek

wol ris even nei. Yn in ketierke tiid meitsje ferskate koks de lekkerste dingen. Dêr kin ik dan wol oer (tsjinstridich miskien, mar hawar). De opset is fansels ek hiel oars, se wolle dy graach wat leare, bygelyks hoe'st fan restjes út de kuolkast noch in fatsoenlik gerjocht meitsje kinst. Ik sit d'r inkeld ek wol even foar en prebearje dat dan te folgjen en d'r wat fan op te stekken, mar dat slagget noch net hielendal. Wy ha ek altyd hiel oare restjes yn de kuolkast, nuver. No skynt it mei iten siede krekt sa te wêzen as mei blomskikken, mei in bytsje



fantasij makkest fan de gewoanste dingen de lekkerste gerjochten of de leukste stikjes. It sil wol sa wêze, dy gave ha ik net. Ik bin mear in neibauer. Stiet hjir mei de kryst in leuk stikje op tafel, dan is dat as kocht, as it is makke tidens in workshop. Allinnich bak ik d'r neat fan, letterlik en figuerlik. Mar wat hindert it, workshops en itensiedersboeken genôch. En oars is d'r noch wol in buorfrou dy't lekkere ideeën hat. Sa kom je somtiden in hiel ein. De lêste tiid prebearje ik my d'r in bytsje mear op ta te lizzen en sa bin ik d'r achter kaam dat itensiede eins hiel leuk wurk is. As it gerjocht dan slagge is en do hast ek noch tankbere ôfnimmers, is it feestje hielendal kompleet en dat smakket dan wer nei mear. Wa wit wurdt it nochris wat. Earst mar wat jierren oefenje en miskien kin ik dan ris meidwaan oan in wedstriid, bygelyks 'Tafel 18'. Dat skynt meikoarten op Omrop Fryslân te kommen, in wedstriid mei amateur koks. Knap hear dat je soks oandoare. Ien fan de dielnimmers kin ik, dus nijsgjirrich. De lêste wiken sit ik foar 'Heel Holland bakt'. In wedstriid yn wa't de lekkerste en moaiste koekjes en taarten bakt. Wol wer hiel wat oars, mar erch leuk om nei te sjen. Foar de kandidaten spannend liket my. Foaral de tiidsdruk. Soms krij se oeren de tiid, soest hast sizze alle tiid fan de dei en dochs is it it lêste kertier altyd wer krap. Dan moat d'r noch fan alles barre en dat slagget dan soms mar krekt. It wol ek wol mislearje, dan giet it krekt allegear oars as thús, no dêr kin ik my wat by foarstelle. Elke wike moat d'r ek wat bakt wurde, wat se yn 't foar net witte. Dan krij se allinnich de yngrediïnten en wurdt harren sein wat de bedoeling is. De earst wike wie dat bygelyks kokoskrânsen. No ja, dêr kin we ús allegear wol wat by foarstelle, mar hoe moat dat krekt? It wie net iens sa maklik, sei de sjuery en dat bliek wol, d'r wie eins mar ien dy it goed hie. Soest no sizze hoe ist mooglik. Dizze kandidaten binne ek net de earste de besten. Mar gelokkich giet it faak gewoan goed en dan is it mar krekt wat de sjuery d'r fan fynt, it moat d'r moai útsjen en lekker smeitsje. Myn respekt ha se, by my kin se meast kieze út kwark- as monchoutaart, en as ik hiel erch myn best dyn ha is d'r appeltaart (dêr hast wat mear wurk fan no), mar wol allegear út in pakje! Sneintejûn sil ik d'r wer foar en wa wit krij ik de smaak ek te pakken en prebearje ris in kear ien fan de resepten. Earst mar net te dreech, dus de kokoskrânsen lit we noch even gewurde, d'r is fêst wol in oar, wat makliker koekje! Hoe sit it, bakke jim al?

awb

## As de hoanne op'e toer ris prate koe.....

Sa as jim miskien wol sjoen hawwe, hat de toer fan de tsjerke De Bining in skoftke yn'e steigers stien. De toer waard hurd minder, it sink wêr't d'r mei beklaid wie, hong op in seker momint al los. Dat d'r moast wat barre. En meastentiids is it sa dat as je ûnder steane en je tinke, d'r koe wolris wat hout ferrotte wêze en je komme d'r letter by, dan falt it yn'e regel ôf. Mar it foel yn dit gefal ta. In soad hout wie noch sa geef as kryt. It minne hout is kreas fernijd troch Boubedriuw Holwerda en it sinkwurk is oanpakt troch Ynstallaasjebedriuw Kooistra. It skilderwurk wie fansels op, mar dat koe ek net oars, want de toer wie foar it lêst ferve yn 1983. Myn kollega Lammert Braaksma wie d'r doe ek by. "Theo Hoekstra en ik hawwe de toer doe ferve, yn in bakje oan in grutte kraan", sa fertelde hy.




No dan stienen we d'r no al wat better by op dizze steiger. De earste dei doe't we omheech klommen, hawwe we earst mar ris wat foto's makke fan de omjouwing. It wie moai helder, dat we koenen it Amelân en Skier lizzen sjen en op dy hichte besjogge je it doarp ek ris fan in hiele oare kant. Doe noch wat foto's fan it wurk dat we dwaan moasten, dat dogge we wol faker, dan kin je letter moai sjen, hoe at it earst wie en hoe at it wurden is. En ek in foto fan de hoanne op'e toer fansels. No je koenen hast net mear sjen dat d'r ea blêdgoud op sitten



hie en it krús wê't de hoanne op stie, siet dik ûnder de roast. Dat we seinen: "It spul moat d'r mar ôf". Sa seagen we doe ek dat it buiske wê't de hoanne mei op it krús stie, stikken wie. It hie mar sa kinnen, dat mei in folgjende stoarm, de hoanne by Theun en Djoke Dijkstra op it dak stien hie.....

As je sa'n hoanne d'r ôf tille, moat je ek noch foarsichtich wêze, oars falt de knikkert d'r út. In hoanne moat draaie kinne en dêr brûkten se eartiids in knikkert foar, meastentiids wie dat in bakkert. No dizze bakkert wie al goed fersliten, twa platte kanten d'r oan. Dat de hoanne koe fuort nei Bote Kooistra. In nij buiske, in moaie nije kûgel en in pôle fet.

En dan ha je it spul yn de wurkpleats, je sjogge ris nei de hoanne en dan tinke je, wat is no de wurklike betsjutting fan sa'n hoanne? Dat is wolris faker sa yn it libben, dat je bepaalde dingen hiel gewoan fine, mar dat d'r mear efter sit dan at jo tinke. Mar efkes googelje op "weerhaan" tocht ik. En dan sjogge je ferskillende betsjuttingen. Dat de hoanne fan oarsprong in hillich bist is fan de wichtigste goaden, sa as de germaanske god Wodan. En dat herinnert d'r oan dat de heegste god fan oarsprong in waargod is, dy't mei donder en rein fruchtbere rispinge bringt. Nei de kerstening ha de kristenen it symboal brûkt as teken fan Petrus,





dy't trije kear sein hie, dat hy Jezus net koe en dat doe de hoanne kraaide. Mar d'r stiet ek dat de hoanne it symbool is fan in nij begjin. Dat de hoanne eltse moarn in nije dei oankundigt. In nij begjin as je je bekeare tot it kristendom. En sa is er noch wol mear.

Mar sa't er ek wolris sein wurdt: "Als er geen haan op de toren staat, komt er geen kip in de kerk", dat sil hjir wol net opgean. Sa bin je dan moai oan it feryjen op de toer, reedlik waar en net te hurde wyn, want oars ha je de ferve op plakken wêr't je it leaver net ha wolle. En sa at it faaks giet yn in doarp wurdt d'r gauris fan ûnderen roppen, sa as "Moarn", "Middei", "Foarsichtich hjer!" as "Net falle!". Sa fyfst op in dei dûmny Van Wieren foarby en die rôp:

"Ik kom fan'e wike nochris by jimme, ik wol dêr boppe ek wolris sjen". "Ja bêst", ropten wy werom, "dat kin wol". En doe tocht ik ynienen, as de hoanne en de ballen dy't dêr ûnder sitte aanst wêr moai yn it blêdgoud sitte, dan moast dûmny de hoanne d'r eins wer op sette. Dat soe dochs prachtich moai wêze? Dat sa barde it, mei in hiele delegaasje nei boppen ta, dûmny stie op in trepke boppe op'e steiger en sa hat hy de hoanne wer te plak setten. Troch de oaren waarden foto's naam, it waard súver ek noch in offisjeel momint!


It wie in moai putsje en wy ha d'r fan genoaten!

De toer is no wer klear en hy kin d'r hooplik wer in hiel skoft tsjin.



*Durk Slager*





**De jeugd uit Oosternijkerk** trekt de kokskleding aan en gaat voor de 60-plussers onder ons een heerlijk **drie gangen diner koken** en serveren.

Dit onder begeleiding van één van de bekende koks uit ons dorp.

Tussen de gangen door wordt er zo nu en dan voor vermaak gezorgd maar we beginnen natuurlijk eerst met een lekker bakje koffie of thee.

**Waar;** De Terp te Oosternijkerk

**Wanneer;** Vrijdag 23 oktober 2015

**Tijd;** Van 16.30 – 19.30 uur

**Entree;** € 10,= / p.p.

**Opgave;** Graag voor vrijdag 16 oktober doorgeven aan Janneke Themmen ( tel; 321370; na 17.00 uur)

Heeft u vervoer nodig? Geef het aan ons door en wij zorgen ervoor.

Graag tot dan!

Dorpsbelang Oosternijkerk  
Jeugdclubs Oosternijkerk  
(In samenwerking met dorpshuis de Terp)

# De wjukken útslaan

---



Hallo Nijsjerkers,

Ik mag het spits afbijten voor deze nieuwe rubriek 'de Wjukken utslaan'. Voordat ik begin wil ik alvast mijn excuses aanbieden dat ik het niet in het Frysk schrijf. Ik vind: je doet 't goed, of je doet 't niet. En dus besloot ik het niet in het Frysk te schrijven. Want Nederlands schrijven gaat me toch beter af.

Mijn naam is Marja Post, de oudste dochter van Livius en Christina Post. Hebben L&C naast Pieter, Nanne en Annet nog een dochter dan? Jazeker!

Van mijn moeder begreep ik laatst dat er wel eens met verbazing wordt gereageerd door nieuwe bewoners van Nijsjerk als ze het heeft over haar oudste dochter. "Jullie hebben maar drie kinderen toch?" Nee dus. Het zijn er vier.

Niet gek, denk ik, dat veel nieuwe inwoners van 'het mooiste dorp van NO Fryslan' niet weten wie ik ben. Het is alweer 10 jaren geleden namelijk dat ik mijn *wjukken* heb uitgeslagen en ben verhuisd (of is het emigreren?) naar Groningen.



Ik ging naar Groningen om daar te gaan studeren. Een brede studie moest het worden, want ik had werkelijk (nog) geen idee wat ik wilde gaan doen. Dus ik koos voor “Facility Management”. Je wordt dan opgeleid om het facilitaire proces (*de dagelijkse diensten binnen een bedrijf die iedereen vaak vergeet, maar als ze niet goed worden uitgevoerd direct opvallen. Denk aan: schoonmaak, catering, onderhoud van de panden*) te begeleiden.

Met dat je gaat studeren en je in ‘de grote stad’ woont komt ook automatisch het studentenleven om de hoek kijken. Wat mij betreft zou iedereen het studentenleven eens mee moeten maken. Zelfstandig, in een kamertje, in een vreemde stad. (Ik denk overigens dat mijn moeder hier anders overdenkt, want die heeft mij wel eens met tranen in haar ogen achtergelaten in een – vies – studentenhuus in een kamertje van 2 bij 3).

